



Leafde yn tiden fan kwark

Wy wiene útfanhûs, myn suske en ik. Wurdt dat einliks noch dien? Reiden kofferke mei en dan in wike fuort, noait langer, nei pake en beppe yn in oar doarp. Yn it útfanhûzersbêd, dat fris opmakke foar jin klearstie en dêr't jo hiel oars yn wekker waarden as thús. Oar ljocht, oare lûden, spannend.

Wy wiene doe útfanhûs yn Snits, by in omke en muoike dêr't alles koe, dy't sels trije grutte soannen hiene en in dochter, âlder as ús, folle grutter.

Ik wie tolve en myn suske fyftjin.

En dan wiene der ek noch evakuees út Amsterdam, want it wie oarloch, de simmer fan it lêste jier fan de oarloch. Ik wie tolve en ik geniete fan de sfear en fan de grappen fan myn grutte neven, achterneven wiene it einliks. Spannende dingen diene se ek. Jûns waard der in planke loshelle earne út 'e soudenfluer, dan kaam der in radio foar 't ljocht en dan harken wy nei de Ingelske stjoerder. De BBC. It sinjaal út it begjin fan de Fiifde fan Beethoven: poem-poem-poem-poem. En dan Radio Oranje, de stem van strijgend Nederland. En in kear de stim fan de keninginne.

Ien fan de twa evakuees wie in famke. In famke fan in jier as fyftjin, in prachtich Hollânsk famke. Ik foel foar har as in blok. Ik seach hoe't de sinne yn 'e keamer op har hier skynde, ik seach nei har hals, ik meat de lingte fan har eachteisters, ik telde har, by it iten, de happen yn 'e mûle. Se wist it allegear net, miskien murk se it net iens, se wie âlder en ik sei neat.

Iten wie der genôch, al wie it menu iensidich. It wie oarloch en it iennige dêr't noch frij maklik oan te kommen wie, wie molke. Omke en muoike wennen oan 'e râne fan 'e stêd en deunby wenne in boer. Wy koene troch de ruten yn de foarkeamer de stjelp lizzen sjen. En mei molke koene jo in soad. Wy skodden bûter yn in fleske, dat duorre oeren, mar as it famke der by wie en meidie koe 't my noait te lang duorje. En muoike makke kwark. Faak. Elke dei.

Elke dei krigen wy kwark, mei ierdbeien, mei reade beien of mei neat. Kwark. As gefolch dêrfan wie der neat mis mei ús "stoelgang". Krektoarsom, wy koene frij flot en floeiber efterút. Elke moarn, allegear!

Wy stiene faak yn in ûngeduldich rychje efterhûs, bûten, want dêr wie it húske. In húske mei in tonne dy't it royale oanbod yn in wike lang net oan koe, mar der wenne nóch in broer in pear strjitten fierderop yn 'e stêd, ek mei in tonne en mei in lytse húshâlding, dus mei folme oer. Dêr gongen wy de lêste dagen fan 'e wike yn optocht hinne en kamen mei-inoar opluchte wer werom. Gesellich.

Alles wie gesellich. It wie alle dagen moai waar en der wie ek in boat. In sylboat, sa't doe it grutste part fan de boaten noch sylboaten wie.

Dus in middei de mar op. De Snitsermar. Foar myn suske en my in topatraksje. By ús thús waard net syld. Wy kamen fan Penjum. Wy wiene seekanters, by ús yn 'e feart leine allinne in beurtskip en in turfskip en der wie mar ien op it doarp mei in roeiboat.

Myn âldste neef, Watse, wie de skipper. Hy siet oan it roer. Tsjin my oer siet it Hollânske famke. Har hier wappere prachtich om har gesicht, dat mei har kin wat omheech en har eagen in bytsje tichtknypt tsjin de sinne, like op it plaatsje fan in filmstjer dat ik thús mei in punêze oan de balke fan myn souderkeammerke fêstpriipt hie. Myn ferealens wie folslein. Unbedoarn, ûnbeändere, ûnútsprutsen en dus ûnbekend en sûnder de lytste kâns op it meagerste perspektyf. Dochs folslein. Mar ik moast poepe. Samar ynienen. Midden op 'e mar krige ik, wylst alles oant dan ta om myn hert draaide, net mis te fersteane sinjalen út myn terms. De restanten fan de kwark fan muoike sochten in wei nei bûten en woene dat, sa te fielen, net al te lang mear útstelle.

Ik skikte wat tichter nei it roer, nei Watse, en sei sa sacht as it mar koe by it klapperjen fan it seil en it klotsen fan de weagen tsjin it skip: “Watse, ik moast poepe.” Watse wie in moaie grutte bear mei in burd en andere op in toan dy't ik fan in moaie grutte bear ferwachtsje kinnen hie: “Oerboard! Moatst nedich?”

Kin 't net wachtsje? Dan oerboard!” En doe't er seach dat ik skrok: “Bêste jonge, wy sitte hjir midden op 'e mar, wat tochtst hoe grut as dy mar wie. Doch de broek mar nei ûnderen en gean mar oer de râne sitten, wy sjogge de oare kant wol even út.”

Dit koe net! Dit wie ûnmûglik. Dat de boat fol siet mei minsken dy't ik leaver net tsjûge meitsje woe fan myn meast fernederjende yntime hannelingen, wie noch dêroanta, mar sij wie oan board. Sij, dy't ik al dagen yn stilte adorearre. Sij, dy't like op it plaatsje thús, oan 'e balke. Dit mocht sa net barre, dit koe de grutste nederlaach fan de oarloch wurde.

“Dat wol ik net”, sei ik tsjin Watse. “Dat doar ik net.”

Hy seach dat it my mienens wie. Hy hie net allinne in grut burd, mar ek in grut hert en op de iene of oare manear fiede hy dat hjir sprake wie fan sawol in lichaaamlik alarm as fan in geastlik konflikt.

“Wy moatte even oerstaach en nei de wâl!”, rôp er. “Rients moat út 'e broek!”

De mar wie yndied grut, it duorre lang foar't de wâl yn 't sicht kaam. Wol in kertier. In kertier dat it stil wie yn 'e boat, elkenien libbe yn stilte mei yn myn striid om de slûs ticht te hâlden. Soms frege ien min of mear begien oft it wol gong, oft ik it hâlde koe. In oarenien knikte my bemoedigjend ta. It waard suver in mienskiplik aventoer, de striid fan in silend team tsjin de einfaze fan de stofwikseling.

Einliks waard ik in bytsje in held en hoewol't ik har net oan doarde te sjen soe ik my hast foarstelle kinne dat se mei eat fan bewûndering nei my seach.

Mar dat duorre net lang. De wâl kaam tichterby, ik wie alfêst op 'e plecht stean gongen om sa gau mûglik oan lân te gean. Oeral op 'e mar blonken de wite seilen en seiltsjes fan boaten en boatsjes. It wie ien fan de moaiste dagen fan de simmer.

Watse jage de boat it reid yn. Ik sprong, heech en fier en op it heechste punt liet myn ûnderliif him net langer ôfhâlde fan syn natuerlike dwaan en liet gean wat gean móást.

“Daar gaat het al!”, rôp ik, yn it Hollânsk, as in soarte fan ôfskiegjalp oan har.

Ik hie likegoed farwol roppe kinnen. Ik ha har noait wer oansjoen. Ik ha myn broeken útspield en wy binne mei myn ûnderbroek yn top nei Snits weromfearn. Want it moast wol gesellich bliuwe.

Rients Gratama

